

TOMKE

Foarlêstips by Tomke-boekje 27 – 2023

Lekker spatterje!



Foarlêze oan pjutten

Wat moai datst foarlêze silst út it Tomke-boekje! Yn dizze lesbrief fynst in pear lytse tips by alle ferhaaltsjes en (opsis)ferskes út it boekje.

Algemiene tips:

- Lês it ferhaal/opsisferske thús al in pear kear, leafst lûdop. Kinst dan letter ûnder it foarlêzen mear 'boartsje' mei it tempo, ritme en stimgebrûk.
- Oefenje de ferskes ek fan tefoaren, dan hoechst net hieltyd nei de tekst te sjen ûnder it sjongen. By it ferske yn it boekje stiet in QR-koade, dy kin mei de kamera fan de telefoan scand wurde. Der ferskynt dan in link nei www.tomke.fr1, dêr't de ferskes te belústerjen binne. De ferskes kinne ek as opsiferskes brûkt wurde.

- De stjerkes by de titel jouwe it nivo fan it ferhaal oan.
- In goed momint om foar te lêzen is as de bern yn 'e rûnte sitte. Ofhinklik fan it momint dat de bern wat beweging nedich hawwe, kinst foar of nei it ferhaaltsje in ferske sjonge of in opsiferske op-sizze en de bern dêrby bewege litte.
- By de tips wurdt faak de Tomke-pop/Romke-pop neamd, dy binne hiel geskikt om by it foarlêzen te brûken as yntroduksje, ûnder it foarlêzen of by de ferwurking.
- In hiel gesellich foarlêsmomint tawinske!

Foarlêze mei de platen op de foarkant

De platen op de foarkant hearre by it ferhaal 'Boatsjefarre' (side 11 fan it Tomke-boekje). De bern yn 'e rûnte kinne ûnder it foarlêzen de plaat besjen dy't by it stikje tekst hjirneist heart. Dat makket it hiel geskikt om yn in krekt wat gruttere rûnte foar te lêzen.



Ferhaaltsje Boatsjefarre *

Plaat 1:

'Hê hê, it is wer drûch', seit Kornelia. 'Ik hingje de wask bûten.' Tomke en Romke geane mei. Kornelia hinget handoeken oan 'e line. Dêrnei set se de waskoeur ûnder de line. Se leit it kniperbakje yn 'e koer. Kornelia giet wer yn 'e hûs.

Plaat 2:

Tomke sjocht nei de waskoeur en seit: 'Hee Romke, sille we boatsjefarre?' 'Ja, laket Romke, en hy springt yn de waskoeur. 'Wacht,' seit Tomke, 'de boat moat yn it wetter.' Neist de beam is in grutte wetterplasse. Tegearre lûke se de boat yn it wetter. No moatte se noch in seil ha. Romke draaft nei de line ta en springt omheech. Hap!... hy lûkt in wiete handoek fan 'e line. Tomke hinget it seil oer in tûke. En no mar farre. 'Farre farre, boatsjefarre', sjonge se.

Plaat 3:

'Hoi!' Yana Yu komt achterom. 'Mei ik meidwaan?' 'De boat is fol', ropt skipper Tomke. 'Wacht mar', laket Yana Yu. Se lûkt har hierbân oer ien each. 'Ik bin in piraat!' De piraat draaft nei de boat ta en sjocht oer de râne. 'Ha!' ropt se, 'ik sjoch in skat!' De piraat pakt it bakje mei knipers en rint hiel hurd fuort. 'Help!' ropt skipper Tomke. 'Help!' ropt matroas Romke.

Plaat 4:

Wat is hjir te rêden?' Kornelia komt troch de doar. 'De piraat hat ús skat pakt!' ropt Tomke. 'Dikke boef!' seit Kornelia tsjin Yana Yu. 'Kom piraat, mei nei de keuken.' Mar... de piraat komt werom. En wat sit der dan yn 'e skatkiste? Gjin knipers, mar... foar allegear in pakje rezyntsjes.

Foarlêstips by de oare ferhaaltsjes en ferskes út it Tomke-boekje

1. By opsiferske Wetterdraak

• It opsiferske kin foar of nei it lêzen fan in ferhaaltsje brûkt wurde. Praat mei de bern oer it ûnderwerp. Dit gedichtsje giet oer 'yn bad gean'. Wa giet der wolris yn bad? En wat dochst dan, bistu ek wolris yn wetterdraak? Wurd by dy dan ek de hiele badkeamer wiet?

• Soargje foar in bak mei wetter, bygelyks in wettertafel, en wat boartersguodboatsjes. Lit de bern mei de hannen weagen meitsje, krekt lykas de wetterdraak. Hoe dochst dat? Earst foarsichtich, lytse weagen. Dan hieltyd grutter. Bliuwe de boatsjes noch op it wetter driuwen of kipe se om? Dêrnei list de bern op it wetter slaan; earst sachtjes, dan hieltyd hurder. Wat bart der no mei de boatsjes? En mei de bern, wurde sy krekt sa wiet as by de besite fan de wetterdraak?!



2. By ferhaaltsje Wiete buorman Piter *

• Lit de Tomke-pop foar it foarlêzen mei de pjutten prate. Jou Tomke in rêchtaske mei in wetterpistaal. Tomke fertelt dat hy in ferrassing yn syn rêchtaske hat. De pjutten meie riede. Dan hellet in pjut it wetterpistaal út de rêchtaske. Wat is dat? Wat kinst dêr mei dwaan? Tomke is in bytsje ûndogensk. Hy spuitet de liedster (of dysels) in bytsje wiet. Lês dan it ferhaaltsje foar.

• Gean nei it foarlêzen mei de pjutten nei bûten. Soargje dat der ark is om te spuitsjen (wetterpistaal, blommespuit). Tekenje mei kryt in popke mei in huodsjie op de muorre. Om bar meie de bern buorman Piter wêze en op it huodsjie spuitsje. Hawwe de bern earder al ris mei in wetterpistaal boarte?



3. By ferhaaltsje Blusse **

• Pak in brânwachtauto yn. Fertel dat it ferhaaltsje oer Janny giet. Se krijt in soad kadootsjes foar har jierdei. Dit ek. In pjut mei it útpakke. Wat sit deryn? Besjoch de brânwachtauto. Lit de bern fertelle wat se sjogge. Hokker lûd makket de sirene? (lit mar hearre). Lês it

ferhaaltsje foar. Janny wol brânwachtfrou wurde. Wat docht dy?

- Lês it ferhaaltsje nochris foar en doch ûnder it lêzen de aktiviteiten út it ferhaaltsje nei: de brânwachtauto ride litte, kearskes op 'e taart (echt of boarterstaart) telle, blaze, kearskes blusse (mei in lyts bytsje wetter út in bekerke). Lit de bern ta beslút allegear brânwachtfrou wêze. Se spuitsje ek sabearre de kearskes út. Jou se in stikje fan de 'echte' taart.



4. By ferske Boatsjefarre

• Sjong it ferske in pear kear foar mei de Tomke-pop op 'e skoat en doch de bewegingen dy't hjirûnder by it ferske stean. Fertel dat Tomke yn 'e boat sit. Wolle de bern ek mei te farren? Alle kearen dat jim it ferske sjonge, mei Tomke wer by in oar bern sitte.

Boatsjefarre, boatsjefarre
(in bytsje hinn' en wer skommelje)

Boatsjefarre op 'e see.

(in bytsje hinn' en wer skommelje)

Hurde wyn en hege weagen.

(mear skommelje)

Wy binne net bang, o nee!

(mear skommelje. By 'nee': nee skodzje)

Hup, de angels yn it wetter,

(angel sabearre útgoaie)

fisken fange by de rûs.

(angel ophelje)

Mei in boat smoarfol mei fisken

(skommelje)

farre wy werom nei hûs.



En as de piraten komme,

dan ferstopje wy ús bût.

Wy hâlde se yn 'e gaten,

(fan de hân in kiker meitsje en om je hinne sjen)

naaie lekker út, slyp út!

(slyp út: de iene wiisfinger oer de oare strike)

Ekstra leuk: nei de lêste rigel kinst de bern útnaaie litte foar de piraten.

Oare suggestjes foar aktiviteiten om te dwaan nei it sjongen fan it ferske:

- Weagen meitsje fan sjijsopwetter, lytse weagen, hegere weagen
- Fiskje: angel útgoaie: pittesek yn tonne of hoepel goaie

- Tikspultsje: fisken fange of matroazen pakke
- Skatkiste ferstopje: de 'matroazen' ha de eagen ticht en wize yn 'e rjochting dêr't de skatkiste ferstoppe wurdt (beltsje rinkelet).
- Munten ferstopje en opskjyke yn 'e sânbak.

5. By ferhaaltsje Boatsjefarre *

• Brûk in Tomke-pop en nim in waskoeur, in handoek en in kniperbakje mei. Lês it ferhaal foar yn bypassende klean, lykas in skipperstrui, skipperspet of matroazeklean. Fertel dat Tomke te boatsjefarren sil. Ha de bern ek wolris te farren west? Yn watfoar boat? (roeiboat, sylboat ensfh.).

- Spylje it ferhaaltsje út mei de poppen en de attributen. Wa wol ek eefkes yn it sabearre boatsje farre? Wêr sille jim hinne?



6. By opsiferske Alle kleuren berntsjes

• Dit opsiferske freget derom om yn in wetterplasse te dûnsjen. Dus reinklean en learzens oan en sykje nei in wetterplasse! Dochst sels ek mei?

- It opsiferske giet, neist de kleuren fan de reinbôge, ek oer alle kleuren berntsjes. Hokker kleur ha se sels? En hokker kleur soene se sels kieze as dat koe? Rôds mei stipkes, in kleur fan de reinbôge of dochs mar harren eigen kleurke hâlde?



7. By ferhaaltsje Blubl! *

• Lês it ferhaal foar en soargje foar stekjes fan plantsjes mei al in moai eintsje woartel. Foar elk bern ien. Lit de bern harren eigen plantsje alle dagen in lyts bytsje wetter jaan. Groeit it? En hoe hurd giet dat? Watfoar ideeën ha de bern sels om foar harren plantsje te soargjen?

- It ferhaal giet ek oer sels grutter wurde. Praat ris mei de bern oer hoe't sy tinke datst sels grutter wurdt.



8. By ferhaaltsje Poeske *

• Nim in handoek, in waskhantsje, shampoo en in flesse dûngel mei. Fertel datst yn de tún oan it graven west hast. Doch fan tefoaren wat swarte fegen op it gesicht en lit smoarge hannen sjen. Hoe komt dat wer skjin? (waskje, dûse, yn bad). Wat hast nedich? Lit de attributen sjen en beneam se. Wat dogge de bern as se smoarch binne? Hoe fine se dat? Lês dan it ferhaaltsje foar.

- Soargje foar in fleurich muzykje. En in boartersguodpoes. Fertel dat it ferhaaltsje oer in berntsje giet dat net dûse wol. Ha de bern dat ek wolris? Lit dêrnei de poes sjen. Freegje wat poes docht om skjin te wurden (waskje mei de tonge). Lês it ferhaaltsje foar. Nei it ferhaaltsje dûse de bern sabearre op muzyk. Doch de bewegingen foar: hier waskje, it gesicht, de noas, de earen ensaferder. Dêrnei meie se poeskes wêze.



9. By ferhaaltsje Helden **

• Lês it ferhaaltsje foar en praat mei de bern oer it ferhaal. Wat is blusse? Wat kinst allegearre blusse? Hoe/wêrmei kinst blusse? Kinne de bern it foar-dwaan? Wat is ferbrâne, sa as yn it ferhaaltsje? Kinst dat ek blusse?

- Lês it ferhaaltsje nochris foar. By de twadde kear meie de bern útbyldzje wat der yn it ferhaaltsje bart: troch in kier/ fierreiker sjen, drave, klimme, kraan iependraaie, gille, blusse ensfh.



10. By ferske Wetter

• Sjong it ferske in pear kear foar en doch de bewegingen sa't dy hjirûnder by it ferske stean.

Wetter, spetter spetter,
(fingers op en del dwaan)
út 'e wolken, spat spat yn 'e see, spat!
(by 'wolken' omheech wize, by see omleech)

Wetter, om te drinken,
(sabearre drinke)
út 'e kraan, slok slok en út 'e teepot!
(by 'slok slok' sabearre drinke)

Wetter, spetter spetter,
(fingers op en del dwaan)
As ik gûl, drip dript it op myn snút, snút!
(by 'drip dript' en 'snút' op de wangen tikje)

Wetter yn myn lyfke,
(lijf oanwize)
op it húske pisje ik it út, út!
(nei 'út' pss!)



Wetter, spetter spetter,
(fingers op en del dwaan)
Om te waskjen, wetter makket skjin, skjin!
(hannen of earmen sabearre waskje)

Wetter ha wy nedich,
(ja knikke)
om't de wrâld net sûnder wetter kin, kin!
(by 'net sûnder wetter' nee skodzje,
by lêste 'kin' ja knikke)

Oare suggestjes foar aktiviteiten om te dwaan nei it sjongen fan it ferske:

- Rein neidwaan: mei fingers op de tafel of op de flier tikje, sacht en hurder
- Hearre nei in druppjende kraan, it lûd mei de fingers neidwaan
- Hearre en sjen nei drippen dy't yn in amer wetter of wetterplasse spatte

11. By ferhaaltsje Wetter yn 'e tonne *

• Praat mei de bern oer in wettertonne. It leukste is fansels om in echte wettertonne te besjen (âlden, ien yn de buert?). Besjoch de tonne, de piip, it kraantsje. Soe der wetter yn sitte? Wêr komt dat wetter wei? Wat kinne wy mei dat wetter dwaan? Lit de bern ek blomkes wetter jaan mei wetter út de tonne. Lês it ferhaaltsje foar.

- Nim in drûch plantsje (grûn) yn in blompot mei. Soargje foar in blommetjerke, in grutte tûnjitter, in glês en in stâlpantsje. Lit de bern it plantsje fiele. Dat is drûch. It hat toarst. Helje de grutste jitter tefoarskyn. Kin it hjir wetter mei krije? Grapke. Doch itselde mei it oare guod. Bewarje de lytse

jitter foar it lêst. Der moat ek wetter yn. Lit in bern it plantsje wetter jaan. Wêr komt thús it wetter wei? Ha se ek in wettertonne? Lês it ferhaaltsje foar.



12. By ferhaaltsje Tomkekrolleblomkes **

• Tomkekrolleblomkes kinst hiel maklik sels meitsje. Pluk mei-inoar elk in hânfol hynstebloemen. Soargje derfoar datst in bak mei wetter klearstean hast. Doch de bern foar hoe't je reepkes fan de stâlen meitsje en lit se it dêrnei sels besykje. No meie de bern de blommen yn de bak mei wetter lizze. Wat bart der?

- Yn it ferhaal binne Tomke, Romke en Kornelia oan it picknicken. Wa fan de bern hat dat ek wolris dien? En is dat leuk, bûten ite? Wat nimst dan mei?



Tips skreaun troch: Riemkje Pitstra, Geartsje Douma, Berber Spliethoff en Reina&Greetje. Yllustraasjes: Luuk Klazenga, Mirjam van Houten en Karin Carolina Poiesz

